

SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 39 Reglemint fan Oarder

Rjochte oan DS / lid DS	<p>Poepjes</p> <p>Underwerp: Gefolgen fusy en opskaling foar taalbelied skoallen en pjutteboartersplakken</p>
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>Okkerdeis wie yn it nijs dat berneopfangbedriuw SISA fallyt is en oernommen wurdt troch in Grinzer organisaasje. Fierder binne slutingen fan lytse skoallen, skoalfúzjes en skaalfergrutting oan de oarder fan de dei.</p> <p>De Provinsje fiert in eigen belied op it Frysk foar de bern fan pjutteboartersplak oant universiteit en makket ôfspraken mei de ûnderwiisinstellingen oer meartaligens, ta útfiering fan sawol autonoom belied as wetlike taken foar it Frysk.</p> <p>Dit is in ûnderdiel fan de kearnzaak fan dizze provinsje op it mêd fan Fryske taal, kultuer en ûnderwiis, en fan it Koalysjeakkoart.</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"> 1. Binne jo op de hichte fan de gong fan saken mei de pjutteboartersplakken fan SISA? Hat de feroaring yn dy organisaasje gefolgen foar meartaligens en Frysk op de Fryske lokaasjes? Graach jo útlis by dit punt. 2. Hokker gefolgen hat sluting fan guon skoallen en pjutteplakken, fúzje en skaalfergrutting, somtiden mei as gefolch dat de sintrale direksje bûten Fryslân komt, foar de útfiering fan it belied ten oansjen fan meartaligens en Frysk? Binne der ek foarbylden fan goede gearwurking mei direksjes bûten Fryslân? Wat is jo fisy op dizze problematyk? 3. Jo hawwe oan PS rapportearre dat de groei fan it tal meartalige pjutteboartersplakken en skoallen der wat út giet, foar in part as gefolch fan de slutingen, fúzjes en skaalfergruttingen yn it ûnderwiis. Hoe antisipearret it Kolleezje mei de amtlike organisaasje op dizze ûntwikkeling? Wat moat der feroarje om te soargjen dat ús doelen mei meartaligens en ûnderwiis ek yn de takomst helle wurde? 4. Hokker konkrete maatregels hawwe jo foar de koarte en de langere termyn foar eagen, om de groei te herstellen? Is it bygelyks nedich om ekstra amtlike kapasiteit yn te setten? Moat de begeliedingsstruktuer hjir ek op oanpast wurde? Binne der dúdlike ferskillen tusken de organisaasjes fan koepels foar pjutteboartersplakken, de basisskoallen (koepels) en de middelbere skoallen op dit mêd, en wat dogge jo dêr dan mei? 5. Binne jo it mei ús iens dat ús bern it fertsjinje om op te groeien mei de plus en de rykdom fan meartaligens? En dat it mei it each op groei yn de takomst dêrom miskien better wêze soe om net langer it tal skoallen (lês: koepelbestjoeren en festingen) mar it tal berikte bern en harren ûntwikkeling as sintraal kritearium foar sukses te hantearjen? Soe it neffens jo ek goed wêze dat der

	ekstra belied / omtinken foar meartalige ûntwikkeling yn de stêden komt?
--	--

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP, Corlienke de Jong
---------------	---

Datum	1 juny 2016
-------	-------------